



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan heit en mem ferhalen oer Jezus. Hjoed fertelt harren grutte broer Daniël in ferhaal oer Jezus dat er sels fan Him heard hat.

It foarbyld fan de soan dy’t op reis giet Lukas 15, 11-32

“Us Daniël is thúsl!” rôp Simon. “Justerjûn let is er thúskommen.”

“Hoe witsto dat?” frege Sara.

“Sjoch mar, dêr steane allegear kamielen!”

Sara en Simon draafden tegearre nei de kamielen ta. Daniel wie drok dwaande om se wetter te jaan. Se hiene in lange reis troch de woestyn makke.

“Meie wy dy helpe, Daniël?” frege Sara.

Daniel skodholle: “Ik bin krekt klear! Jûn krije se wer drinken. Dan kinne jim my helpe.”

Foar Simon en Sara wie it feest as harren grutte broer thúsl wie. Daniël hie altyd in hiele soad te fertellen. Want hy moete ferskate minsken ûnderweis.

“Hasto ek wat oer Jezus heard, Daniël?” frege Simon.

“Jawis!” sei Daniël en gong langút op ’e grûn lizzen. “Kom der mar bylizzen, dan sil ik jim in ferhaal fertelle dat ik sels fan Jezus heard ha.”

Sara en Simon gongen allebeide oan in kant fan Daniël lizzen. En Daniël fertelde...

Der wie ris in heit, dy hie twa soannen. De âldste wie in oppassende jonge. Alle dagen wie er op it lân oan it wurk en paste er op ’e skiep. Syn broer, de jongste, wie hiel oars. Dy wie gauris op stap en mocht graach feestfiere.

Op in dei sei de jongste soan tsjin syn heit: “As jo komme te ferstjerren, sille myn broer en ik alles wat jo hawwe tegearre diele. Mar ik wol it graach *no* al ha, want ik wol in wrâldreis meitsje.

Dêr skrok de heit bot fan. Woe syn jongste soan mar leaver dat hy kaam te ferstjerren? En in reis troch fiere en frjemde lannen meitsje is noch gefaarlik ek.

Mar de heit sei der neat fan. Hy sei allinnne mar: "Dat is goed jonge!" En hy joech him de helte fan syn besit.

It wie betiid yn 'e moarn. De jongste soan pakte alles byinoar, luts de doar efter him ticht en gie op reis. Hy reizge nei in fier lân. Dêr makke er freonen, iet en dronk mei harren en fierde alle dagen feest.

Mar sa bleau it net! Doe't syn jild op wie, hie er ek gjin freonen mear. En dat net allinne, mar dêr yn dat fiere, frjemde lân foel in skoft gjin rein. De paden wiene der moudich en der kamen djippe skuorren yn 'e grûn. Ek it gewaaks stie der net goed foar. It iten rekke op. Allinne de riken koene noch wat iten keapje. Oaren hiene gjin sint mear, ek de jonge net.

"Hawwe jo wurk foar my?" frege hy oan in boer.

"Kinst wol op myn bargaen passe", sei de man.

Bargaen? Op de bargaen passe? Sok smoarch wurk hie er thús noch nea dien. En der wie net iens iten foar him! Syn mage rammele sa bot dat er wol mei de bargaen út 'e trôch ite moast.

Dêr siet er no. Hy fielde him ferslein en tocht oan syn heit en syn âldste broer. Soene se noch wolris oan him tinke? Miskien wiene se wol lilck op him. Yn in dream seach er harren by in grutte tafel sitten dy't fol stie mei lekker iten. Doe wist er it: ik gean nei hûs ta en freegje oft ik boerefeint by ús heit wurde kin. Want ik fertsjinje it net mear om syn soan te wêzen.

It wie in lange reis nei hûs ta. Dei yn dei út wie er ûnderweis. Hy wie drok mei himsels oan it oerlizzen wat er tsjin syn heit sizze soe. Sa fan: ik haw stom west... Ik hie nea fuortgean moatten?

Nee! Hy soe sizze: heit, ik kom werom om foar jo te wurkjen. Ja, dat soe er sizze! Hy sette flink de stap deryn.

Einlings seach er yn 'e fierte it hûs fan syn heit. Seach er it wol goed? Stie syn heit dêr yn 'e doar? Soe syn heit him wol weromkenne yn dizze smoarge klean? Hy hie him al dagen net mear wosken.

Doe't syn heit him seach, kaam er daliks op him tarinnen. Krekt as hie er him al ferwachte. Hy hie de earms wiid iepen en drukte him stiif tsjin him oan.

De soan stammere: "H-h-h-eit, ik kom werom om foar jo te wurkjen. Ik wit dat..."

Mar de heit liet him net iens útprate en sei: "Jonge, do hearst by my. Do bist myn soan!"

Tsjin de feinten sei er: "Helje skjinne klean foar myn soan, doch him in moaie ring om 'e finger en skuon oan 'e fuotten. En meitsje in feestmiel klear."

It waard in grut feest, elkenien wie útnoege.

Bûtendoar stie de âldste soan. Hy hie de hiele dei op it lân oan it wurk west. "Wat is hjir oan 'e hân?" frege er oan ien fan 'e feinten.

"Dyn broer is wer thús. It is feest, omdat jim heit him weromkrige hat."

Doe waard de âldste soan poerrazend en rôp: "Ik wol dy jonge nea wer sjen!"

Syn heit kaam der ek by te stean en sei: "Kom gau! Dyn broer is wer thús!"

"En dat moat ik moai fine? Nea! Hy hat de hiele erfenis dertroch jage. Wylst ik altyd hurd wurke ha..."

"Jonge", sei de heit, "do hast ommers altyd by my west. Alles wat fan my is, is ek fan dy."

Wy moatte hjoed wol feestfiere, want dyn broer wie ferlern en hy is weromfûn.”

“Is it ferhaal no út? frege Sara.

“Ja, it ferhaal is út”, antwurde Daniël.

“Mar no witte we net hoe’t it ôfrûn is mei dy beide bruorren”, sei Sara.

“Wat tinksto?” frege Daniël.

Sara moast djip neitinke en sei: “Ik fyn dat dy âldste soan wol gelyk hat. Hy hat altyd hurd wurke. Syn broer hat allinne mar feestfierd.”

“In lyts bytsje gelyk wol”, sei Daniël, “mar tagelyk fyn ik ek dat er ûngelyk hat.

“Ungelyk?” frege Simon. “Hoe sa? Syn broer hat ommers alle jild útjûn.”

Daniël knypte syn eagen stiif ticht en sei: “Jezus fertelt ferhalen mei foarbylden. En dan moatte we goed neitinke...”

“Puhhh”, blaasde Simon.

“Witte jim wat ik tink?” frege Daniël. “Dy âldste soan wol net sjen hoefolle oft syn heit ek fan *him* hâldt. Dêrom hat er ûngelyk.”